


Samling taaleigen mei
krytykpuntsjes

Frits van der Kuip

As twadde diel fan wat faaks in rige wurde kin, is op 'en nij fan de hân fan Dick Eisma in samling sprekwurden en útdrukkings ferskynd. De earste, *It is mei sizzen net te dwaan*, kaam ferline jier út. Eisma hat ek alris earder, yn 1989, in samling mei sei-sprekwurden gearstald, *Sa hat it sitten....* Sa pleatst er him yn in tradysje dy't yn Fryslân yn de midden fan de 16de ieu mei de samling fan Bogerman út ein set is.

Neffens de ynlieding binne de sprekwurden en útdrukkings net alfabetysk, mar sa't de gearstaller seit tematysk oardere. It 'tema' is de oardering lykwols wer alfabetysk op grûnwurd. In útsûndering foarmet it skift *Getallen*, dêr't de natuerlike telfolchoarder oanhouden is: *ien, twa, trije*. Dat Eisma taaleigen op tema oarderje wol, stiet him te priïzen, want it ferheget de gebrûkswearde fan de samling. Tematysk oardere samlingen sa't men dy bygelyks yn de 17de ieu ta jins foldwaan hie, binne opboud neffens skiften lykas *Krêft, Moed, Krytyk, Grutskens*. Woene de minsken in tapaslike útdrukking brûke foar immen dy't tige flink is, dan waard ûnder it tema *Krêft* of *Moed* socht. Eisma syn oardering kin ik lykwols net tematysk neame. De lêzer moat nammentlik te riede gean by skiften as *Dieren* of *Getallen*. Dat siket foar gjin meter, soe dy 17de-ieuwer sizze en nei in soad blêdzjen fynt er faaks ûnder it skift *Fûgels* op s. 35 de útdrukking *Sa flink as in ljip*. Neffens my kin de gearstaller sokke skiften as *Fûgels* better net brûke en gewoan syn sprekwurden en útdrukkings alfabetysk oarderje sa't er ek al binnen syn skiften docht. Miskien bin ik wol te krytysk en moat ik mear rekken hâlde mei de doelgroep fan it boek. Yn it foaropwurd wurdt men dêr spitigernôch neat oer gewaar. Eisma seit te hoopjen dat de lêzer likefolle wille belibje sil oan it lêzen fan dit taaleigen as hy hân hat oan it gearstallen dêrfan. Ut dy wurden lied ik ôf dat it om lêzers

giet, gewoane lêzers mei niget oan taaleigen. En Eisma set se in moaie blomlêzing foar. Ut soarte bliuwt it in kar-út, sa't er sels ek al yn syn ynlieding seit. Men kin altyd oare sprekwurden útkieze. Sa mis ik persoanlik by it skift *Skipfeart en Fiskerij* de my tige eigen útdrukkings *Ut de liken wêze en Mei de kloaten foar it blok*. De útdrukking *It reade ljocht jaan* op s. 54 ken ik, lykas it Wurdboek fan de Fryske taal (WFT) (s.v. *ljocht*)



allinne de griene fariant fan. Eisma hie better ûnder read de útdrukking *Immen in reade kaart jaan* sette kind. Itselde ferhaal jildt faaks foar *Hy sjocht as in alk* op s. 30. Yn it WFT is dêr mar ien opjefte fan. Wêrom nimt Eisma net it folle eigener *Prate of sjonge as in alk* op?

It boek mankearret op details ek nochal it ien en oar oan. By elk sprekwurd en elke útdrukking stiet in parafrase yn it Frysk en it Nederlânsk. Dêrtusken sit wolris diskrepânsje. Sa stiet by *Jild siket jild* op s. 50: 'Soart siket soart. Een rijke trouwt in den regel ook met iemand die gefortuneerd is.' Wêrom net gewoan: *Jild trout mei jild. Geld trouwt met geld?* Fierders doocht hjir de parafrase 'soart siket soart' net. Der hie op

syn minst by stean moatten dat it om in rike soarte giet. Boppedat wurdt it sprekwurd *Soart siket soart* benammen yn it negative brûkt: dogeneaten witte inoar wol te finen. Dy diskrepânsje kin men ek merkbite tusken fariante sprekwurden. Op s. 36 stiet *Elk hâldt syn eigen protter foar in klyster*. Dat wurdt parafrasearre as: 'Elk hâldt sines foar it bêste.' Foar de Nederlânske tekst kiest Eisma lykwols it sprekwurd *Elk meent zijn uil een valk te zijn*. En wat sjocht men dan op s. 38? Jawol, it Fryske sprekwurd *Elk mient dat syn ûle in falk is*. Dat wurdt dan wer oars as op s. 36 parafrasearre, te witten as: 'Elkenien mient dat wat fan him is, it bêste is. Iedereen meent dat wat van hem is (b.v. kinderen), het beste is.' Der binne ek nochal wat lytsere krytykpuntsjes. It sprekwurd *Dy fan Minnertsgea sealje ier en ride let* op s. 64 stiet bygelyks gjin ferklearring by, mar allinnich in werhelling fan wurden en in letterlike Nederlânske oersetting. Under it skift *Plaknammen* stiet op s. 63 *De hele feeljekant om*. Wat trochsneed-lêzer hat fuortdaliks yn de rekken dat dat net in plaknamme is, mar in streeknamme plus it wurd *kant* en dat mei *feelje* De Veluwe bedoeld wurdt? Dat lêste is neffens it WFT, ien fan de boarnen dêr't Eisma op te seil giet, noch net iens alhiel wis. Al mei al kin men net oan de yndruk ûntkomme dat in redaksjoneel each de kwaliteit fan it boek tegoeede komme kind hie. En dat fertsjinnet sa'n ûnderwerp.


Samling taaleigen mei
kritykpuntsjes

Eris van der Kuip _____

As twadde diel fan wat faaks in rige wurde kin, is op 'en nij fan de hân fan Dick Eisma in samling sprekwurden en útdrukkingsspreknynd. De earste, *It is mei sizzen net te dwaan*, kaam ferline jier út. Eisma hat ek alris earder, yn 1989, in samling mei sei-sprekwurden gearstald, *Sa hat it sitten....* Sa pleatst er him yn in tradysje dy't yn Fryslân yn de midden fan de 16de ieu mei de samling fan Bogerman út ein set is.

Neffens de ynlieding binne de sprekwurden en útdrukkingen net alfaberysk, mar sat de gearstaller seit temarysk oardere. It tema is de oardering lykwols wer alfaberysk op grûnwurd. In útsûndering foarmet it skift *Getallen*, dêr't de natuerlike felfolchoarder oanholden is: *ien, twa, trije*. Dat Eisma taaleigen op tema oarderje wol, stiet him te priizjen, want it ferheget de gebrûkswarde fan de samling. Temarysk oardere samlingen sât men dy bygelyks yn de 17de ieu ta jins foldwaan hie, binne opboud neffens skiften lykas *Krêft, Moed, Kriyk, Grutskens*. Woene de minsken in tapaslike útdrukking brûke foar immen dy't rige flink is, dan waard ûnder it tema *Krêft of Moed* socht. Eisma syn oardering kin ik lykwols net temarysk neame. De lêzer moat nammentlik te riede gean by skiften as *Dieren of Getallen*. Dat siket foar gjin meter, soe dy 17de-ieuwer sizze en nei in soad bloedizjen fynt er faaks ûnder it skift *Fûgels* op s. 35 de útdrukking *Sa flink as in lip*. Neffens my kin de gearstaller sokke skiften as *Fûgels* better net brûke en gewoan syn sprekwurden en útdrukkingsspreknynd alfaberysk oarderje sât er ek al binnen syn skiften docht. Miskien bin ik wol te kryptysk en moat ik mear rekken hâlde mei de doelgroep fan it boek. Yn it foaropwurd wurdt men dêr spytigernôch neat oer gewaar. Eisma seit te hoopjen dat de lêzer likefolle wille beljije sil oan it lêzen fan dit taaleigen as hy hân hat oan it gearstallen dêrfan. Ut dy wurden lied ik ôf dat it om lêzers

giet, gewoane lêzers mei niger oan taaleigen. En Eisma set se in moaie blomlêzing foar. Ut soarte bliuwt it in kar-út, sât er sels ek al yn syn ynlieding seit. Men kin altyd oare sprekwurden útkieze. Sa mis ik persoanlik by it skift *Skipfeart en Fiskerij* de my tige eigen útdrukking *Ut de liken wêze en Mei de klatten foar it blok*. De útdrukking *It reade hjocht jaan* op s. 54 ken ik, lykas it Wurdboek fan de Fryske taal (WFT) (s.v. *hjocht*)



Besprek fan: Dat kin de brune net litke. Sprekwurden en útdrukkingen gearstaller: Dick Eisma. Foarmjûwing: BW, H. Ouwstrop. Utgiver: Eigensteit Fryske fanowent, 2001. Tal siden: 84. ISBN 90-70098-79-2. Priis / € 9,90 / € 6,76.

allinne de griene fariant fan. Eisma hie better ûnder read de útdrukking *Immen in reade kant jaan* sette kind. Isselde ferhaal jildt faaks foar *Hy spocht as in alk* op s. 30. Yn it WFT is dêr mar ien opjefte fan. Wêrom nimt Eisma net it folle eigener *Prute of sjonge as in alk* op? It boek mankearret op details ek nochal it ien en oar oan. By elk sprekwurd en elke útdrukking stiet in parafraze yn it Fryske en it Nederlânsk. Dêrusken sit wolris diskrepânsje. Sa stiet by *Jild siket jild* op s. 50: 'Soart siket soart. Een rijke trouwt in den regel ook met iemand die gefortuneerd is.' Wêrom net gewoan: *Jild trout mei jild*. Geld trouwt met geld? Fierders doocht hjir de parafraze 'soart siket soart' net. Der hie op

syn minst by stean moatten dat it om in rike soarte giet. Boppedat wurdt it sprekwurd *Soart siket soart* benammen yn it negative brûkt: dogeneaten witte inoar wol te finen. Dy diskrepânsje kin men ek merkbitte tusken fariante sprekwurden. Op s. 36 stiet *Elk hâldt syn eigen proter foar in kyster*. Dat wurdt parafrasearre as: 'Elk hâldt sines foar it bêste.' Foar de Nederlânske tekst kiest Eisma lykwols it sprekwurd *Elk meent zijn wil een valk te zijn*. En wat spocht men dan op s. 38? Jawol, it Fryske sprekwurd *Elk mient dat syn âle in falk is*. Dat wurdt dan wer oars as op s. 36 parafrasearre, te witten as: 'Elkenien mient dat wat fan him is, it bêste is. Iedereen meent dat wat van hem is (b.v. kinderen), het beste is.' Der binne ek nochal wat lytsere kritykpuntsjes. It sprekwurd *Dy fan Minnertsgea sealje ier en ride let* op s. 64 stiet bygelyks gjin ferklearring by, mar allinnich in werhelling fan wurden en in letterlike Nederlânske oersetting. Under it skift *Plaknammen* stiet op s. 63 *De bele feleikant om*. Wât trochsneed-lêzer hat fuortdaliks yn de rekken dat dat net in plaknamme is, mar in streeknamme plus it wurd *kant* en dat mei *fele* De Veluwe bedoeld wurdt? Dat lêste is neffens it WFT, ien fan de boarnen dêr't Eisma op te seal giet, noch net iens alhiel wis. Al mei al kin men net oan de yndruk ûntkomme dat in redaksjoneel each de kwaliteit fan it boek regoede komme kind hie. En dat fertsjimmer sâ'n ûnderwerp.

